



# **PAKE MOAT OAN DE PIL**

(Een pil voor opa)

**In klucht fan**

**DONDERS MOOI**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**(Grimas Theatergrime verkoop)**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **PAKE MOAT OAN DE PIL – EEN PIL VOOR OPA** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **DONDERS MOOI** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2015 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

E-mail: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **9** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Evert, direkteur, sawat 48 jier

Sippy, syn frou

Janine, harren dochter

Ahmed, túnman

Pake, heit fan Evert

Bert, buorjunge

Notaris, soe ek in frou wêze kinne

Karin, ferpleechster

Jolanda, jongejuffer

By "Pake moat oan de pil" binne oarspronklik ek 9 ferskes skreaun  
Yn dizze oersetting binne dy ferskes net opnommen.

Wolle jo dit stik as musikal bringe, dan binne de ferskes te krijen by  
de oersetter, Gurbe Dijkstra.

De muzyk fan dizze ferskes is te krijen by: Dhr. Jan Zuurd,  
Noordenveldweg 102, 9497 PA Donderen en by: Dhr. J. Hoevenberg,  
Norgeweg 207, 9497 TC Donderen.

## EARSTE BEDRIUW

*(Evert lêst de krante, Sippy is drok dwaande mei de organisaasje fan it ien en oar)*

SIPPY: Harkest eins wol nei my?

EVERT: Mmmmm... ja, skat.

SIPPY: Ik eh... ik bedoel, wy ha betocht dat we es wat foar ús meiminske dwaan moatte. Wy tinke dêrby oan... Harkest noch?...

EVERT: *(noch achter de krante)* Mmmmmmm...

SIPPY: Ik sis dus, wy ha betocht, wat foar de needdriftige meiminske te dwaan. Wy wolle dan ek de sosjale tsjinst freegje, de adressen beskikber te stellen fan minsken mei in útkearing en dan sille wy... Harkest?...

EVERT: Mmmmm.... jaaaaaaaaaaaaah...

SIPPY: No goed, no, en at we dy adressen dan ha, bringe we dy earne minsken allegear in pakketsje. Hoe fynst dat?

EVERT: Mmmmmmm.... Ja, ja.

SIPPY: Wat no ja, ja?

EVERT: No gewoan ja, ja.

SIPPY: Wat bedoelst no mei: 'Ja, ja'.

EVERT: Mmmmmmm.....

SIPPY: Och, do hast hielendal net harke.

EVERT: Jawol, leave.

SIPPY: Wat fynst dan fan myn, ik bedoel ús idee?

EVERT: Goed, hiel goed idee, skat.

SIPPY: Tanke, en by dit plan kinne we dy ek brûke.

EVERT: Mmmmmmm...

SIPPY: Do harkest hielendal net, hin? *(se slacht him de krante út de hannen)* En no silst earst harkje!

EVERT: Jawol, skat, sis it mar.

SIPPY: Do helpst ús om dy pakketten fuort te bringen.

EVERT: Watfoar pakketten, skat?

SIPPY: *(lilk, slacht him mei de krante om de kop)* Dy pakketten foar de echte minima!

EVERT: Foar wa?

SIPPY: Ik sis it no noch ien kear, we bringe pakketten mei allegear nuttige dingen deryn, nei minsken dy't in útkearing ha.

EVERT: O ja, dat is in goed idee, leave.

SIPPY: Dat betsjut datst nije wike in dei frij nimme moatst fan 't wurk. Dat regelst dan daliks mei dyn sekretaresse.

EVERT: Dat is goed, skat. *(dûkt wer achter de krante)*

SIPPY: En dan setst no de grize kontener by de dyk en sjochst daliks even oft der post is, ik ferwachtsje belangrike stikken.

EVERT: It is de griene kontener, skat.

SIPPY: No ja, ek goed, dan setst dy mar bûten. (*stilte*) Wêr wachtetst noch op? Sjit op, want der is hjir noch mear te dwaan.

EVERT: Okee, ik gean al.

SIPPY: Jou dy krante dan mar oan my, want oars giest der noch mei nei 't húske.

EVERT: Ik bin al west, leave, al foar datsto fan 't bêd wiest. (*ôf*)

SIPPY: (*bellet*) Ja, hallo mei Sibbyl hjir, hasto al wat heard oer dy adressen....? Mmmmmmm, nee ik ek net, kinsto dan de wethâlder noch even freegje?... No, dan hear ik dat noch wol, oant sjen... Doeoech. No hoopje ik al dat er de post meinimt, wa wit sit dy list mei adressen der wol by.

EVERT: (*komt op mei de post*) Hjir is de post, leave, it is allegear foar dy. Nee, doch net, dizze grutte is foar my.

SIPPY: Dat sil wol neat wêze, jou my minen mar gau, want ik wol oan de slach. Hee, allinne mar rekkens, dy meisto wol ha. Hoe kin dat no wer, it hie der no doch wol wêze kinnen. No moat ik earst wachtsje op in telefoantsje fan Eugenie.

EVERT: Ferdomme, wat ha ik no oan de fyts hingjen?

SIPPY: Sis hear es, hâldst dy even yn. Lêsten op myn jierdei flokttest ek al sa. Ik skamje my soms dea foar dy.

EVERT: Myn himel, dy omke Jakob doch, dit hie ik doch wier net ferwachte.

SIPPY: Wêr hast it oer, hast soms stikem ta de flesse sitten?

EVERT: Moatst no es hearre, in brief fan notaris. Ik stean yn it testamint fan omke Jakob.

SIPPY: Wat seist no? Yn in testamint, fertel op.

EVERT: Dy brief wie foar my skat, it soe neffens dy neat wêze, wol?

SIPPY: Sa bedoelde ik dat net, leave, no fertel op!

EVERT: Toe dan mar, omdatst it sa leaf fregest. Ik lês 'm wol even foar: "Geachte heer, hierbij deel ik, Mr. Jacobus Johannes Tekelenburg, kantoorhoudende te Balk, u mede dat u bent genoemd in een nalatenschap van Dhr. Jacob Kuipers. Ik ben dan ook voornemens u op maandag 13 juli om plm. 11.00 uur te bezoeken om een en ander met u te overleggen. Met vriendelijke groet, Hoogachtend, notaris Tekelenburg".

SIPPY: Wa is no yn himelsnamme omke Jakob?

EVERT: Wolst even om dyn wurden tinke, skat?

SIPPY: Nim my net kwea, ik fergeat my sels even.

EVERT: Ja, ja, dat hast wol faker atst eurotekens yn de eagen hast.

SIPPY: O soa, ik ha der doch wol even foar soarge dat wy hjir kamen te wenjen, oars....

EVERT: Ja, oars hiene we noch gesellich oan de Bjrkeleane wenne.

SIPPY: Dat sil wol, mar dit is doch wat mear op stân, no?

EVERT: Ja, ja, no, ik sil mar es even wat dwaan.

SIPPY: Fansels net, earst wol ik witte wa't omke Jakob is

EVERT: Omke Jakob wie in broer fan ús heit. Hy is al jong nei Amearika ferhuze en wy ha noait wer wat fan him heard of sjoen. We mienden allegear dat er dea wie. No ja, blykber is hy dat no ek, oars hie dy notaris dy brief net stjoerd. We moatte mar even ôfwachtsje. It wie altyd in bysûndere man at ik de ferhalen leauwe mei. Hy hold wol fan in geintsje, hy mocht wol in slokje en de froulju wiene ek net altyd feilich foar him.

SIPPY: Dan is it dúdlik famylje, jim heit is gjin hier better. Freeslik, dy wit ek noait hoe't er 'm hâlde en drage moat. Hy flokt en drinkt mar wat en yn it âldereintehûs binne de froulju ek net feilich foar him. Dy âld gek.

EVERT: Och, dat falt allegear wol wat ta, mar do hast 'm noait útstean kinnen. Atsto 'm sjochst, hast al rûzje mei 'm.

SIPPY: Ja, en hy mei my. Hy flokt dan ekspres en de lêste kear skiet er mei 't sin ôf. Hy heart syn fatsoen te hâlden, mar dêr hat er noch noait fan heard. Soks dogge je doch net at der in dame by is?

EVERT: Dame? Do wiest doch allinne? En wat makket sa'n skeetsje no út. It jout yn elk gefal romte.

SIPPY: Genôch hjiroer.

EVERT: Ja, sis dat wol. Wêr hinget ús dochter eins út? Leit se noch op bêd?

SIPPY: Ja, mei myn goedfinen. Se hie juster in feestje by de van Beusekommen, witst wol, hy is direkteur fan in grut bedriuw en foarsitter fan de tennisklup. Omdat it wol es let wurde koe ha ik har tasein dat se wat langer lizzen bliuwe mocht.

EVERT: Dat dochst wol faker, lit se der gewoan ôfkomme. Us heit sei altyd: dy't nachts fisket....

SIPPY: Ja, ja, dat wit ik no wol, jim heit hat wol faker wat sein, besparje my de details, want dy ken ik wol.

EVERT: Lit se der doch gewoan ôfkomme en de hannen wapperje. By need helpt se Ahmed yn de tún, dat skeelt ús wer moai wat yn de moanne, trouwens, warfoar dei is it hjoed?

SIPPY: It is moandei en dy túnman fan dy soe om tsien oere komme, mar ik ha 'm noch net sjoen. It gers stiet oan de finsterbanken ta en it túch stiet like heech as de blommen. En dan ha 'k mar net oer de achtertún.

EVERT: Hy sil sawol komme. No, ropsto Janine of doch ik it? (*wol fuortgean, mar rint dan Ahmed tsjin 't liif*)

AHMED: Sorry, meneer, mevrouw, dat die Ahmed zo laat is, maar ikke wilde gaan van guis, die gele fiets van die Ahmed lek.

EVERT: Hoe bist hjir dan kommen?

AHMED: Die Ahmed gele weg gelopen op die voet met die fiets op die nek. Pffffffttt... Dat was lange eind.

EVERT: Ja, jonge, it wurdt tiid foar in brûkt autootsje.

AHMED: Die Ahmed niet geld voor auto, meneer, auto kosten veel centjes.

EVERT: Mar do fertsjinnest doch goed, do hast genôch wurk, want ik sjoch dy hjir wol gau es yn de buert omskarreljen.

AHMED: Die Ahmed veel werk, meneer, maar ikke niet verstand hebben van euro. Die Ahmed niet meer die bomen ziet door die bos.

EVERT: No, atst problemen hast, jonge, dan komst mar by my, hear.

AHMED: Dank u, dank u well, maar die Ahmed heeft al probleempje. Die Ahmed niet weet goe moet plakken die fiets.

EVERT: Dat liket my dan moai wat foar Janine. Ik regelje dat foar dy.

AHMED: Dank u, dank u well... Dan die Ahmed nu snel gaan aan die werk. (*ôf*)

EVERT: (*rint nei achteren*) Janine, der ôfkomme, of hast tefolle sjerry hân justerjûn?

SIPPY: O, wat in man is dat doch. Ik ha al sa faak besocht him wat fatsoen by te bringen, mar it helpt net.

EVERT: Ik ha har roppen.

SIPPY: Dat ha ik heard ja, komt se der oan?

EVERT: Dat wit ik net, mar der kaam wol lûd út.

SIPPY: Moai, dan sjochsto no mar even at dy Ahmed syn wurk goed docht. Ik ha der net folle fidúsje yn, dy jonge kin noch net iens fatsoenlik Nederlânsk prate.

EVERT: Do moatst 'm de tiid jaan. Do wiest der doch in foarstanner fan om de echte minima te helpen? Mar ik sjoch wol even. (*ôf*)

SIPPY: Dan sjoch ik even oft Janine al wakker is. Ik moat har it grutte nijs fan dy omke Jakob fertelle. (*ropt achter de kûlissen*) Janine, leave, hast de slied al út? Kom mar gau, want ik ha nijs.

JANINE: (*komt op yn in nachthimd, gappet*) Goemoarn, wêr is de kofje?

SIPPY: Goemoarn, leave, lekker slied? En hoe wie 't feestje?

JANINE: O, giet wol.

SIPPY: Giet wol? It wie doch leuk. De van Beusekommen hawwe altyd leuke feestjes.

JANINE: Okee, it wie leuk, atst dat dan graach hearre wolst. Mar ik gean foarearst net wer hinne, dy Bert is in kwal, in aakliksma.



SIPPY: Hy is yn elk gefal fan goede komôf en syn heit...

JANINE: Ja, syn heit is foarsitter fan de tennisklup en direkteur fan in grut bedriuw, dat wit ik no sa stadichoan wol.

SIPPY: Wat no, leave? Doch net sa raar, de iene kear fynst it leuk en de oare kear dochst sa as no, ik snap der neat fan.

JANINE: No ja, at ik it mar snap. Wat hiest no oer in nijtsje? Hast wer wat opdien by de frouljusferiening?

SIPPY: Nee, jim heit hat in brief krigen fan ien of oare notaris en dy wol hjirhinne komme. Jim heit stiet yn it testamint fan in omke fan him, in sekere Jakob.

JANINE: Omke Jakob, o dêr ha ik pake wol es oer heard. Dy omke mocht it leven wol, leau ik.

SIPPY: Dat sil wol ja, at pake it seit.

JANINE: Ja, ik wit wol datst in hekel oan pake hast, mar it is echt net sa'n rare keardel as atsto tinkst.

SIPPY: Sûnt wannear nimsto it op foar dy âld man?

JANINE: No, ik wit net, mar sa'n minnen ien atsto tinkst is it net.

SIPPY: Dat sil allegear wol, mar ik wol it der net langer oer ha. Do en jim heit is doch twa hannen op ien bûk.

JANINE: Dat komt dan goed út, want ik wol it der ek net langer oer ha. Wannear wie dy noatris fan doel om te kommen?

SIPPY: 13 july tocht ik, om alve oere.

JANINE: 13 july?... Dat is hjoed.

SIPPY: Hjoed?... O, got, dat is ek sa. *(se rekket licht yn panyk)* Dan moat ik noch opromje. Jim heit wit sa as gewoanlik ek wer fan neat. O got, o got, ik mei hjir altyd alles regelje. Klaai dy oan. At dy man hjir daliks is, o... o. En warskôgje jim heit. Stjoer 'm hjirhinne, doch dan es wat.

JANINE: Ja, kalm... kalm no mar.

SIPPY: Wat no kalm, doch wat, help my. *(rommet al wat op)*

JANINE: Wat kin ik dwaan mem?

SIPPY: Wit ik it, eh, eh... rop jim heit.

JANINE: Okee. *(ôf. De telefoan giet)*

SIPPY: Hallo... ja it spyt my wol, mar ik ha no even gjin tiid... Wat seist...? Dat mienst doch net.... Ek dat noch... Nee, ik ha wier gjin tiid, ik belje dy aansen wol. Nee, wier net, doe-oech. Dat kin der ek noch wol by, no dan moat ik sels de wethâlder mar belje. *(de telefoan giet wer)* Hallo... Nee dêr prate jo net mei... Ja, dat wit ik ek net, menear, ik ha 't drok, de notaris komt sa... Nee, dat kinne jo ek net witte, en wat nûmer at jo ha moatte, wit ik ek net, sjoch es yn de gids soe 'k sizze... Wat nûmer ha jo draaid?... Nee, dy lêste hie in twa wêze moatten... Ja, it komt krekt by de KPN. At je der ien nûmer neist sitte

krije je der al in oar foar... Ja, dat is ek ferfelend, mar no moat ik ophingje... Ja, de notaris komt sa, goed dat jo it sizze, no goeie.

EVERT: Wat is hjir oan de hân?

SIPPY: Neat, neat... hielendal neat. Witst wol watfoar dei at it hjoed is?

EVERT: Ja, moandei leau 'k.

SIPPY: Ja... Moandei. En de datum?

EVERT: 13 july, leau 'k.

SIPPY: Dat is ek goed, en wat is der mei de 13de?

EVERT: O leave sei, bin ik ús troudei fergetten?

SIPPY: Nee, dat is 23 septimber. Nee, man, dy notaris komt.

EVERT: Ferdomme, dat is wier ek.

SIPPY: Fuoi Evert... No, help my dan. *(se romje no tegearre op, net organisearre en se rinne mekoar yn 't paad. Dan giet de telefoan wer)* Nim do 'm mar even, at it foar my is, bin ik der net.

EVERT: Ja, hallo... Mei wa?... Goemoarn... Myn frou?... Nee, dy is der net... Ja, it spyt my wol.... At ik har sjoch, sil ik sizze dat jo belle ha... Ja hear, oant sjen.

SIPPY: Wa wie dat?

EVERT: O, ien of oare wethâlder, dy moast dy ha.

SIPPY: De wethâlder???? Wêrom hast dat dan net sein!

EVERT: Ik moast doch sizze datst der net wiest?

SIPPY: Ja, mar foar de wethâlder wie ik der wol.

EVERT: Hoe moat ik dat no witte, dan moatst dat tenei wol even sizze. *(yntusken giet de bel fan de foardoar)*

SIPPY: O himel, dêr silst dy notaris ha, doch gau iepen. *(Evert ôf nei de foardoar, hy is der sa mar wer. Sippy rommet op)* Wie dat de notaris net?

EVERT: Nee, ien mei in kollektebus. *(giet ôf)*

SIPPY: No, dan sil ik mar even trochsette, foar dat dy notaris hjir is. *(de telefoan giet wer)* Wat is dat doch mei dy telefoan hjoed? No sil ik 'm sels mar opnimme, stel je foar dat it dy wethâlder wer is. Ja, hallo... Nee, dy is der net... wit ik net... dat wit ik ek net, mar ik moat ophingje, we krije sa besite.... Ja, doe-oe-oe-oe-oech. *(de bel giet wer)* No dat wer. *(rint nei achteren)* Evert, wêr bist? *(sjocht achter in oare doar)* Miskien is it de notaris wol.

EVERT: *(op)* Wat stiest no te razen? Wat is der?

SIPPY: Hearst net dat de bel giet? Doch daliks iepen, dan set ik noch even kofje. *(nei de keuken. Evert giet ôf nei de foardoar)*

JANINE: *(op yn nachthimd)* Heit, mem, wêr bin jim? *(giet op de bank lizzen)*

EVERT: Nimme jo ús net kwea ôf, we wiene drok dwaande en ha de bel net heard. Ja hear, hingje jo hoed dêr mar even del. *(Evert komt*

*op en sjocht Janine lizzen*) O nee, bliuwe jo noch even stean. Wat dochsto dêr, gean fuort! De notaris is der!

JANINE: Wa?... O, dy. Mar at ik nei myn keamer moat, dan moat ik troch de gong en dêr stiet dy man...

EVERT: Dan giest mar sa lang yn ús sliepkeamer en at dy man dan sit, dan slûpst foarsichtich nei dyn eigen. (*triuwt har de sliepkeamer yn, mar se komt tusken de doar*)

JANINE: Au!

EVERT: (*docht de doar nei de gong iepen*) O, nim my net kwea, der kaam even wat tusken. Kom fierder en sykje plak, myn frou set kofje. Ik nim oan dat jo ek wol in bakje meie. Ik sjoch gau even hoefier at se is. (*giet nei de keuken. Notaris sjocht foar him út, Janine slûpt foarsichtich fan de sliepkeamer nei de doar fan de gong*)

NOTARIS: Doch mar kalm oan hear, ik ha alle tiid. (*even letter komme Evert en Sippy beide op*)

SIPPY: Nim my net kwea, ik moast noch even wat dwaan. Ha jo sin oan kofje?

NOTARIS: Ja graach. Ik ha de hiele tiid yn de auto sitten, dus in bakje kofje giet der wol yn.

SIPPY: No, dan helje ik dat even. (*ôf*)

EVERT: Koene jo it fine. Ik ha begrepen dat jo alhiel achter Snits wei komme.

NOTARIS: Jaseker, mar mei dy navigaasje is it goed te dwaan.

EVERT: Ja, dat is ek sa.

SIPPY: (*op*) Hjir is de kofje, hoe drinke jo it?

NOTARIS: Graach alles deryn, mefrou.

EVERT: Alles deryn? Ik wie es yn it kafee en doe sei ik ek alles deryn, die dy ober it hiele kantsje molke en alle sûker deryn. Wat ha we doe lake. (*notaris glimket, mar Sippy sjocht Evert bestraffend oan*)

SIPPY: No leuk hear, mar dat sil ik by jo mar net dwaan, wol notaris?

NOTARIS: Nee, leaver net mefrou, mar ik fûn it wol in aardich grapke.

SIPPY: Ja, myn man is in echte grapjas.

NOTARIS: Ja, ja. Mar goed, ta de saak. Ik ha jim in brief skreaun, omdat der sprake is fan in testamint dat ik fan in kollega út Amearika krigen ha, en dêr't jo as begeunstige yn stean.

SIPPY: Ja, ja.

NOTARIS: It is wol in bytsje in raar testamint. Der stean nammentlik in pear betingsten yn, dêr moatte jo earst oan foldwaan, foar dat ik it testamint útfiere mei.

SIPPY: Betingsten?

NOTARIS: Ja, betingsten.

SIPPY: Dus we krije net daliks jild?

NOTARIS: Krekt mefrou, yn ien kear goed. Jo meie troch foar de koelkast. Eh... dat wie in grapke.

EVERT: Ha... ha... ha... hjir kin ik wol om laitsje, mar sizze jo es watfoar betingsten at der yn stean.

NOTARIS: Der stean in tal betingsten yn. Hoefolle mei ik net sizze en watfoar ek net. Ik kin jo allinne de earste sizze, en at dêroan foldien is, kom ik mei de folgjende. Ik moat nammentlik sels kontrolearje oft oan de betingst foldien is.

EVERT: No, sis mar es, wat is de earste?

NOTARIS: (*pakt syn tas en nimt der papieren út*) De earste is, dat de hear Gerrit Kuipers, geboaren 12-04-19.. út it âldereintehûs moat en hjir foar in perioade fan yn earste ynstânsje in healjier yn 'e hûs...

SIPPY: (*falt yn*) Ho, ho,ho. Komt neat fan yn. Ik wol dy man hjir net ha!

EVERT: Wachtsje even, do litst my al noait útprate, mar doch dat by notaris yn elk gefal wol.

NOTARIS: Goed, de hear Kuipers moat dus foar in perioade fan in healjier leafdefol yn dit hûs opnommen en fersoarge wurde en der mei 'm yn dy tiid neat oer komme. Mocht dat al sa wêze, dan ferfalt de erfenis. En ik kin jo sizze dat it om in grut bedrach giet.

SIPPY: O nee, foar gjin jild, foar gjin goud helje ik dy man yn myn hûs!

EVERT: Ho, ho skat, it is myn heit en it is ús hûs!!!!

SIPPY: Dat sil dan wol, mar ik wol it gewoan net!!!!

EVERT: Dêr ha we it noch wol oer.

NOTARIS: Mefrou, menear, foar dat jo in beslút nimme, is it myn plicht jim der op te wizen dat jo heit, behalve dat er yn in rolstoel sit, in kroanyske foarm hat fan Penisexulafitus.

EVERT: Dêr wie ik al bang foar, mar wat hâldt dat presys yn?

NOTARIS: Dat hâldt yn, dat de man by it sjen fan froulike soartgenoat nochal gau oerémis wurdt.

SIPPY: Sjochst wol? Ik ha 't altyd al in fize âld man fûn.

NOTARIS: Mefrou, meitsje jo hjiroer net al te folle soargen. Op syn rolstoel binne sensoaren makke dy't daliks in sinjaal ôfjouwe, mocht de temperatuer by him yn dat gefal te heech oprinne. Der is dei en nacht in ferpleechster yn de buert, dy jout him in piltsje en yn in pear tellen is de saak wer ûnder kontrôle. Boppedat hat de âld man de gewoante om op elk willekeurich stuit fan de dei yn sliep te fallen. Ek hjir is lykwols in oplossing foar, de suster jout him in peppil en hy is wer by de pinken.

SIPPY: Ek noch in ferpleechster der by, en wêr tinke jo dat dy sliepe moat?

NOTARIS: Mefrou, neffens myn ynformaasje hat jo hûs genôch keamers dy't net of amper brûkt wurde. De kosten fan de ferpleging

wurde foar in grut part fergoede troch de syktekostefersekering. Lykwols, in lytse finansjele bydrage fan jo kant liket my foar jim ek gjin beswier. Ferjit net, mocht it ûnreplik guod fan jo omke yn Amearika ferkocht wurde, dan bringt it in soad jild op.

SIPPY: In soad jild, toe mar.

NOTARIS: Mefrou, menear, tink der even rêstich oer nei. Wachtsje lykwols net te lang, want dan is it risiko oanwêzich dat de opbringst nei in oar doel giet. Ik winskje jo noch in noflikke dei en hooplik foar jim, oant sjen.

EVERT: Ik lit jo der wol even út. (*tegearre ôf*)

SIPPY: Wat tinkt dy man wol net. Hy mei dan wol notaris wêze, mar dêrom nim ik dy fize âld man noch net yn 'e hûs. Alhoewol, sa kin ik fansels wol oan de sinten fan omke Jakob komme.

EVERT: (*op*) Sa, dy is fuort. Ik kin der trouwens net oer atsto sa raar oer ús heit praatst wylst der oaren by binne. Wat in tastân sis, sa'n testamint ha ik noch noait fan heard. Ik ha fan notaris wol begrepen dat it om in behoarlik bedrach giet, dêr kinne we maklik oan komme. En it wie earst mar foar in healjier.

SIPPY: Ik ha dy doch al sein, dat ik dy âld gek net yn 'e hûs ha wol. (*de bel giet*)

EVERT: Wa kin dat no wer wêze, doch do even iepen, it sil wol foar dy wêze. (*Sippy ôf*) Sa, einlings rêst. (*leit de fuotten op tafel*)

SIPPY: (*stoarmet de keamer yn*) Fuotten fan de tafel, jaske oan, mûle ôffeie, toe, sjit op.

EVERT: Ho, ho, wat is der oan de hân? Is dy notaris der no al wer?

SIPPY: Nee man, it is Bert.

EVERT: Bert?... Wa is Bert?

SIPPY: Bert van Beusekom, hy wol mei ús yn de kunde komme, toe sjit op!

EVERT: O, dy Bert. (*hellet de skouders op*)

SIPPY: (*nei de doar*) Sa, kom mar fierder hear, Bert. Leuk datst der even bist. O... pardon, dit is myn man.

BERT: Dach, menear, it docht my deugd om mei jo yn de kunde te kommen. Ik bin Bert van Beusekom.

EVERT: Ja hear, de deugd is alhiel oan myn kant. Soa, dus do bist ien fan de van Beusekommen. Ik ha al faak om dy la.... Nee, ik ha al in soad oer dy heard.

BERT: Nei't ik hoopje gjin kompromittearjende saken, menear.


EVERT: Nee, net fan dy eh, eh... saken, allinne mar goede dingen. Sis skat, ropsto Janine even, dy sil ek wol raar opsjen.

SIPPY: Okee, ik sil har gau even roppe. (*ôf*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**